

# PARSEBERJOCHT

23 oktober 2015

## ‘Ik bin benijd!’: it panel is bekend

It panel fan it nije televyzjeprogramma ‘Ik bin benijd!’ is bekend. Sân Friezen geane op ‘en paad nei museums en eveneminten om Fryske keunst en kultuer te ûntdekken. It is hieltyd wer in ferrassing wêr’t de panelleden hinne geane. En wannear’t it even kin, dogge sy ek aktyf mei oan in aktiviteit. Wat de panelleden fan dat alles fine? Sjoch it fan 16 novimber ôf yn Ik bin benijd! op Omrop Fryslân Televyzje.

By Ik bin benijd! geane in oantal fêste panelleden op ‘en paad troch Fryslân:

- Wopkje Bergmans (56) is hikke en tein yn Holwert. Sy hat mear as 35 jier mei in protte wille foar de klasse stien. Se hâldt fan de Fryske kultuer, kuierjen en muzyk.
- Hielkje van der Molen (42) komt út Ljouwert. Dêr hat sy in winkel: ‘Priuw’, in winkel mei Frysk itensguod. Troch it hurde wurkjen hie sy oant no ta gjin tiid foar kultuer, mar dêr komt no feroaring yn.
- Klaas Zwaan (57) út Starum hâldt fan kultuer, lêzen en is redaksjelid fan it ‘Stavers Krantsje’. Nei eigen sizzen is er oeral west, mar hy lit him noch graach ferrasse by Ik bin benijd!
- Jikke (65) en Roelof Yntema (66) komme fan De Jouwer. Beide sitte sy yn it bestjoer fan de ‘Boerebrulloft’ fan De Jouwer. Jikke is graach kreatyf dwaande en Roelof is de sportiveling fan it stel, hy hâldt fan reedriden, skeelerjen en fytsen. Mar sy hawwe gemien dat sy beide fan de Fryske kultuer hâlde.
- De bruorren Gerard (28) en Hans de Vries (36) binne de jongste dielnimmers fan Ik bin benijd!. Gerard út Winsum wurket as systeembehearder, Hans út Grins is wurksum yn in hotel-restaurant en is ek dwaande mei frijwilligerswurk. Beide hâlde sy fan teater en kabaret.

Ik bin benijd! is fan moandei 16 novimber ôf alle wurkdagen om 17.45 oere te sjen op Omrop Fryslân Televyzje.

---

### Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

# PERSBERICHT

23 oktober 2015

## ‘Ik bin benijd!’: het panel is bekend

**Het panel van het nieuwe televisieprogramma ‘Ik bin benijd!’ is bekend. Zeven Friezen gaan op pad naar musea en evenementen om Friese kunst en cultuur te ontdekken. Het is elke keer weer een verrassing waar de panelleden heen gaan. En wanneer het even kan, doen zij ook actief mee aan een activiteit. Wat de panelleden van dit alles vinden? Bekijk het vanaf 16 november in Ik bin benijd! op Omrop Fryslân Televisie.**

Bij Ik bin benijd! gaan een aantal vaste panelleden op pad door Fryslân:

- Wopkje Bergmans (56) is geboren en getogen in Holwerd. Ze heeft meer dan 35 jaar met veel plezier voor de klas gestaan. Ze houdt van de Friese cultuur, wandelen en muziek.
- Hielkje van der Molen (42) komt uit Leeuwarden. Daar heeft ze een winkel: ‘Priuw’, een winkel met Friese lekkernijen. Door het harde werken had ze tot nu toe geen tijd voor cultuur, maar daar komt nu verandering in.
- Klaas Zwaan (57) uit Stavoren houdt van cultuur, lezen en is redactielid van het ‘Stavers Krantsie’. Naar eigen zeggen is hij overal geweest, maar hij laat zich nog graag verrassen bij Ik bin benijd!
- Jikke (65) en Roelof Yntema (66) komen uit Joure. Beide zitten ze in het bestuur van de ‘Boerebrulloff’ in Joure. Jikke is graag creatief bezig en Roelof is de sportieveling van het stel, hij houdt van schaatsen, skeeleren en fietsen. Maar ze hebben gemeen dat ze beide van de Friese cultuur houden.
- De broers Gerard (28) en Hans de Vries (36) zijn de jongste deelnemers van Ik bin benijd!. Gerard uit Winsum werkt als systeembeheerder, Hans uit Groningen is werkzaam in een hotel-restaurant en doet ook vrijwilligerswerk. Beide houden ze van theater en cabaret.

Ik bin benijd! is vanaf maandag 16 november elke werkdag om 17.45 uur te zien op Omrop Fryslân Televisie.

---

### **Noot voor de redactie:**

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876.